

## Nijste bondel fan Abe de Vries 'doopt' yn 'e Groate Kerk fan St. Jabik.

Under de titel 'Opskuorgebieten' waard de nijste bondel gedichten fan Abe de Vries, almeast oantsjuttingen as ien fan ús bêste hjoeddeistige dichters, snein-to-middei 26 novimber offysjeel yn it ljocht jown. Dat barde yn de Groate Kerk fan St. Jabik, de regio dêr 't de dichter (teffens skriuwer, essayist, fotograef, en hwat er noch mear út 'e wei set) opwoechsen is en noch wennet. En neffens it wolkom en foaropwurd fan Hille Faber fan de Utjouwerij De Ryp, bisibbe oan de Gerben Rypma Stifting fan Blauhûs, is in presintaasje yn de krite dêr 't de gedichten ûntstien, skreaun binne in logyske kar, dat faeks in djippere laech der oan taheakket. Minsken, sitewaesjes, nijsgjirrige saken yn it wurk komme jin dan justjes tichter op 'e hûd. Fansels kaem as ynlieding op de seremoanje fan it earste eksimplaer de master sels oan it wurd mei in pear priuwkes út de bondel, dy 't troch it tûke 'boartsjen' mei de grafyske mooglikheden fan tsjintwurdich – en de fotografy fan Abe sels – stal jown is fan Johan Bouwhuis út Warkum.

De foardracht fan dy priuwkes wie spitichernôch net oeral like goed to biharkjen; mar dat jilde foar alle sprekkers. Opheind waard in byld fan hoe 't it forrinnen fan de tiid lykas oeral ek yn dit gea en de geast fan de dichter syn fuotprinten efter litten hat. Hy strúnt deryn om, makket dat hwat fan syn gading is ta syn bagaezje om de takomst bireizgje to kinnen.

Kipet hjir in skoalmaster om de hoeke fan de tiid, dy 't op in biskate wize de skiednis fan minsken, it eigen folk, hiem, mienskip, it gea sprekke lit?

Skoalmasters, yn ús literatuer kin men net om harren hinne (Harmen Sytstra, J.C.P. Salverda, Nyckle Haisma, Trinus Riemersma, Josse de Haan, Eppie Dam en oaren), binne ommers gauris de mannen dy 't harren learlingen in foar letter beslissende kant opstjûre kinne. Yn Abe de Vries syn libben wie dat master Jan de Haan, dy 't syn learlingen, sa fortelde dy nei 't er it earste eksimplaer fan syn âld-learling oanbean krigen hie, it earst bêst wol glysterige – foar Friezen ek betiizjende - paed fan de Nederlânske tael opstjûrde. Dat blik him, forhelle hy, doe 't er

konfrontearre waard mei it boadskip fan in learling dat dy syn heit 'in halve koe' op 'e buorkerij hie, hwant ja, 'heal' is ommers 'half'.

Sa 't wens is wurdt der om in presintaasje hinne oare fordivedaasje 'ynhierd'. Dizkear kaem dy fan Tim de Vries. Jawis, soan fan Abe. Hy soarge mei syn fioele foar in muzikale ynbring dy 't der wêze mocht. Solo bigoun er mei Bach as introitus op de wurklist, letter – biselskippe fan in allike tûke Marta Liébana op fleugel - Brahms en De Sarasate. Beide musici hellen (alleast foar myn gefoel as fosleine leek op dit gebiet) it ûnderste út de kanne. Hwat in linigens yn de technyk en bihearsking fan maet en tempi. As hiene se der gjin wurk fan. In prachtige ûnderfing op in dochs hwat grinerige snein-to-middei, dy 't jin de wiete diken en it yn feal hjerstljocht fan wetter blikkerjende, meast pûr neakene ekerlân fan ûnderweis hjirhinne finaal forjitte liet. Binammen de 'Zigeunerweisen' fan de Spanjert De Sarasate soarge foar in muzikale opskuor, dy 't noch wol eefkes by it auditorium hingjen bleaun wêze sil. De komponist Pablo de Sarasate (1844-1908) skreau dit stik likernôch 1878, nei 't er in pear jier earder Hongarije, spésjael ek Bûdapest, bisocht hie. Hy kaem dêr yn 'e kunde mei Balkan-eftige folksmuzyk en sigeuner-, Sinti- of Romamuzyk. Dêr rekke er sadanich fan ûnder de bitsjoening dat er dat njonken syn eigen Spaenske ritme's stal joech yn dizze komposysje. Dy bitsjoening brochten de beide jonge musici ek technysk, ritmysk en hokfoar termen der fierder by to pas komme mei enthousiasme oer it fuotljocht. Se lieten jin it bloed suver hurder troch de ieren brûze. Neffens de kommintaren fan eartiids wie De Sarasate – hy hie mar leafst trije Stradivariusfioelen!! – in 'wûnderbern' sa 't ek Mozart ien wie; nei alle gedachten wie er de bêste fioelist fan syn tiid.

Tim de Vries spilet net swak by – letterlik – en hat it yn him om dat paed nei de hegerein fan de (toan)ljedders suksesfol ôf to reizgjen; allyksa jildt dat foar syn oantsjitske kompaen fan dizze middei, Marta Liébana. Hwat in talinten. Fansels koene de jongelju nei sa 'n fleurich en imposant stik muzyk net om in lytse tajefte hinne.

Dernei koe it yn Gerben Rypma-freonerounte al hast legindaryske romsitten bigjinne.